

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	De Rouwe Underwerp: Liening foar TFFG/Hartman
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	Op de foarside fan it <i>Friesch Dagblad</i> fan 3 augustus stie in artikel mei as titel 'Sluiting dreigt voor kweker A.C. Hartman' ¹ . Yn de lêste alinea stiet 'Bij de herfinanciering in januari blijkt nu ook dat de provincie Fryslân acht ton heeft geleend aan TFFG'. Dat ropt by de FNP-Steatefraksje de neikommende fragen op:
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Kloppet it yndied dat de provinsje Fryslân sels € 800.000 oan TFFG liend hat yn jannewaris 2019? Sa nee, hat it dan de FOM of NOM west dy't dy liening ferstrekt hat?2. Sa ja, hoe is dy liening te rymjen mei antwurden op oanfoljende skriftlike fragen oer de fosfaatwetjouwing oan de FNP-fraksje fan 26 desimber (antwurd 22-01-2019) én mei it fêststelde belied troch de Steaten fan oktober 2018, dat de provinsje yn prinsipe gjin lienings mear jaan wol oan bedriuwen of ynstellings?3. Neffens ús ynformaasje binne de Steaten fan Fryslân net ynformearre oer boppesteande liening yn it brief fan 14 maaie 2019 'Brief DS voortgang Waddenglas'. Kloppet dat? Binne PS al op in oare wize ynformearre oer it jaan fan de liening?4. As it kloppet dat in liening fan € 800.000,- troch de provinsje Fryslân jûn is, watfoar rjochtfeardiging sit dêr efter mei it each op de grutte finansjele tebeksetters fan miljoenen euro's dy't der al wienen mei it projekt 'Waddenglas'?5. Neffens in berjocht yn it <i>Friesch Dagblad</i> fan hjoed (5 augustus) soenen de finansiers ôfrûne freed (2 augustus) byelkoar west hawwe om oer de ûntstiene situaasje te praten. Hat in delegaasje fan de provinsje Fryslân ek by dat petear west, mei it each op har belangen (de liening fan € 800.000)? Sa ja, wat wie de ynstek/ynset fan de provinsje?6. Neffens it berjocht yn de krante driget sluting mar binne noch tsientallen minsken foar Hartman/TFFG oan it wurk. Wat kin it kolleezje foar de wurkgelegenheid fan dy minsken dwaan?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Sybren Posthumus
---------------	--

Datum	5 augustus 2019
-------	-----------------

¹ <https://frieschdagblad.nl/2019/8/3/sluiting-dreigt-voor-kweker-ac-hartman>